



SUITE LONDON

(London Suite)

In komeedzje

fan

NEIL SIMON

Fryske oersetting

Gurbe Dijkstra

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.
(Grimas Theatergrime verkoop)

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl
Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **LONDON SUITE - SUITE LONDON** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **NEIL SIMON** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

Copyright: 1996 by Neil Simon

Copyright Frisian translation: 2001 by Neil Simon

Copyright: © Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **12** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

PERSOANEN:

Brian - man, sawat 50 jier
Billy - man, sawat 50 jier
Lauren - frou, 31 jier
Mefrou Semple - frou, midden 50
Diana - hast 50
Grace - frou, midden 30
Sidney - man, sawat 40
Mark - man, 40
Annie - frou, ein 30
Mefrou Sitgood - frou, sawat 40
Piccolo - jonge man
Dokter McMerlin - man, sawat 40

Plak: in hotel yn London

Tiid: hjoed

Earste bedriuw:

Dien wurk
Nei hús

Twadde bedriuw:

Diana en Sidney
De man op de flier

Dekor:

De suite bestiet út in sitkeamer, in sliepkeamer en in badkeamer. De doar nei de gong komt út yn in lytse, fjouwerkante hal dy't tagong jout ta de sitkeamer. In oare doar komt út op de sliepkeamer en de badkeamer. Beide romtes sjogge út op strjitte. Rjochts yn de sitkeamer is in bar. It is bepaald net ien fan de grutste hotels yn London, mar it hat styl en "grandeur" en de gasten komme foar de sfear.

EARSTE BEDRIUW

Earste sêne

DIEN WURK

FROU: Dames en hearen, deselden dy't reizgje mei Britisch Airways Flecht 106 mei bestimming Buenos Aires, wurde fersocht nei yngong sân te gean... Tanke. (*wy hearre de lûden en stimmen yn de hal, dan de stim fan in man*)

BRIAN: (*falsk fleurich, skril*) Nee mar, Bill, dat ik dy hjir tref...

BILLY: Brian? Bisto dat?

BRIAN: Underweis nei Argentinie? It moat hiel moai wêze dêr, ha ik heard. Mar earst soe ik noch graach even mei dy prate wolle. (*Bill wol ynterumpearje*) ...Do hast noch tiid genôch om dyn fleantúch te heljen. (*de lûden en de stimmen nimme stadich ôf. It Ijocht giet oan en wy binne yn suite 402. It is tsien oere jûns. Billy Fox, sawat fyftich, draacht in donkere jas oer in goed sittend pak. Hy sjocht der earnstich út. Brian Cronin, ek sawat fyftich, yn in koart learen jaske, mei yn ien hân in pistoal en yn de oare in glês whiskey. It pistoal is rjochte op Billy*)

BILLY: ...Ik ha neat ferkeards dien, Brian. Wier net. Wat it ek is, wy moatte dit misferstân de wrâld út helpe.

BRIAN: O, sjoch mar net nei dat pistoal, Billy. Dat is allinne mar om myn arguminten kracht by te setten... Beng beng beng! (*hy laket*) Nee, nee. Ik ha gewoan in pistoal foar it gefal dat ik twangen wurdt om dy te fermoardzjen. (*stilte*) Moaie suite, hen? Net folle feroare yn dy... wat is't... twaëntweintich... trijeëntweintich jier? Ik leaude myn eagen net doe'st my hjir yn set hiest... it meast lúksueuse dat ik oait meimakke hie... Wa wie ik doe? In nimmen. In jonge skriuwer út Wales, foar it earst yn London, mei myn nije boek ûnder de earm, ik droech it iennige pak dat ik hie. Do hiest in soad fertrouwen yn my, Billy. Dêr sil ik dy altyd tankber foar bliuwe.

BILLY: Ik bin dûzelich. Ik bin bang dat ik flaufalle sil.

BRIAN: Weagje it net, Billy. De loop is op dyn krús rjochte. Sa daliks stuiterst hjir as in gek de keamer yn't rûn...

BILLY: (*set syn diplomatekofferke op syn skurte, beskermet syn edele delen*) Hatest my echt sa slim?

BRIAN: Dy haatsje? Och Bill, ik wie altyd sa besoarge oer dyn wolwêzen, om dyn sûnens. Elkenien dy't ôfhinklik fan dy wie, wie trouwens besoarge. Want at dy wat oerkomme soe, Billy, wa moast dan ús finansiële saken regelje? (*hy nimt in slok*)

BILLY: Brian, dit is net de earste kear dat ik meimeitsje datsto dy waanideeën yn de kop hellest. Hoefolle whisky moatst noch drinke foardatst foargoed de lêste resten fan dyn ferstân en dyn talint ferneatichst?

BRIAN: Hoe hasto my meimakke, Billy? Dronken, lilk, begrutlik, mei in laden pistoal, klear om in tunnel fan east nei west troch dyn kop te blazen? It antwurd dêrop is noait, Billy. Noch noait hasto my sa meimakke. En hoefolle whisky ik drinke moat foar't ik de lêste resten fan myn talint en ferstân ferneatigje? Dat is maklik te beantwurdzjen. Myn talint is it kwetsbere stadium allang foarby. Ik ha it ferneatige. Ik ha it opbrûkt. It is opdroege en oanein, en sil net, sa as de Nijl yn it foarjier, wer stige en de wâlen oerspiele. Talint droeget op en barst ûnder de druk fan kritisy en lêzers dy't kwaliteit ha wolle, echte keunst en tagelyk herkenberens. Foardat it mis gong ha ik lykwols noch acht goede boeken skreaun, wêr fan't de filmrjochten en de rjochten foar televyzje in leuke som jild opsmieten, net wier, Bill? Alles netsjes opsparre om de takomst foar mysels, myn beide eks-froulju, myn bern en myn pakesizzers feilich te stellen... oant ik der juster min of te mear by tafal achter kaam dat der hielendal gjin jild IS! Dat der neat oer is fan wat ik sparre hie... mei oare wurden... ik bin blut, Billy... en dat makket my poer.

BILLY: Ja... Dat begryp ik bêst.. Mar litte wy earst ris even wat feiten ûnder eagen sjen...

BRIAN: Dat soe hiel moai wêze. Lit dyn Ijocht der ris oer skine, Billy. Miskien kinsto my útlizze hoe't it kin dat ik nei in libben fan hurd warkjen en sparjen en ferstannich ynfestearjen by myn goede freon samar ynienen blut bin? Dat myn goede freon, Billy Fox, dy't ek noch myn saaklik adviseur en manager is, samar ynienen stil wei wurden is? Dat myn jild ferdwûn is yn unbekende bûsen? Lis my dat ris út.

BILLY: Brian, do begrypst dochs wol dat dy ferliezen allinne mar ferliezen op papier binne?

BRIAN: Papier, huh? Jild wurdt dochs op papier drukt, of net soms? En myn banksaldo stiet ek op papier... en op dat papier falt no te lêzen dat myn totale fermogen bestiet út acht nullen, mar der stiet net in oar sifer foar... Bedoelst dat soms, Bill.

BILLY: Ik stel foar datst om te begjinnen dat pistoal ris oan de kant leist, dan wurdt it wat mear in petear ynstee fan in libbensbedriiggjende situaasje. Fynst net, Brian?

BRIAN: Do hast gelyk. Ik bin it der hielendal mei iens. (*hy leit it pistoal net del. Billy stoarret him oan. Dan realisearret Brian him dat er net docht wat er sein hat*) O, O ja... (*hy leit it pistoal op tafel*) Sa. It pistoal leit op tafel. No is it in petear. En at dat neat opsmyt, kin wy altyd

noch werom gean nei de libbensbedriigjende situaasje... Gean fierder, Bill.

BILLY: No... wêrom tinkst dat dyn jild fuort is?

BRIAN: Dat fyn ik bygelyks in libbensbedriigjende fraach. (*hy pakt it pistoal wer op*) Mar ik sil it dy dochs fertelle. Juster siet der by de post in rekken fan de slachter. Normaal stjoer ik alle rekkens direkt troch nei dy, mar der stie mei grutte letters "derde herinnering" op de enveloppe. Ferbaasd en nijs gjirrich ha ik'm doe iepen makke. It wie in freonlike brief, wêrynt se fertelden dat se altyd o sa wiis wiene mei myn klandyzje, mar dat ik no al fjouwer moanne achter rûn mei beteljen en dat se it ferfelend fûnen at se in ynkassoburo ynskeakelje moasten.

BILLY: Is dat alles? Bespotlik. Wat brutaal. Do hiest my allinne mar hoegen te beljen op myn prive-adres.

BRIAN: Dus ik belle dy daliks op dyn prive-adres... en krige gjin antwurd.

BILLY: Och... hie my dan in faks stjoerd.

BRIAN: Doe ha ik dy in faks stjoerd. Mar ik krige gjin antwurd.

BILLY: Do hiest besykje kinnen my fia myn autotelefoan te berikken.

BRIAN: Ik ha dy acht kear belle op it nûmer fan dyn auto-telefoan.

BILLY: O , ja, dat is wier ek. Myn auto is nei de garaazje. Grutte beurt, witst wol.

BRIAN: Doe ha ik dy in e-mail stjoerd.

BILLY: No wit ik it wer. Ik wie op de bank foar in gearkomste oer in nij Dútsk projekt. Mar do hiest dochs nei Shepherd freegje kinnen op de bank? Hy behannelt dyn deistige finansjele saken.

BRIAN: Dus frege ik nei menear Shepherd, dy't myn deistige finansjele saken ôfhannelt. "Jo rekken?" frege Shepherd. "Jo rekken is ferline wike opheft troch menear Fox".Myn rekken?" frege ik, üntset en stomferbaasd. "Fansels", antwurde Shepherd. "Dat woene jo dochs? De aanfraach wie troch jo sels en menear Fox beide ûndertekene. Dat wie dochs de bedoeling?" "Ja, fansels", sei ik mei knikkende knibbels en bloed dat oeral nei ta pompt waard, útsein nei myn hert.

BILLY: Ja. Ik ha dyn jild yn in bûtenlânske ûndernimming ynfestearre. Dat ferklearret ek dy gearkomste oer dat Dútske projekt...

BRIAN: Dus do hast myn hantekening ferfalske.

BILLY: Ik ha in folmacht. Ik woe net datst dizze geweldige kâns mis rinne soest.

BRIAN: En no sit myn jild dus yn dat Dútske projekt.

BILLY: Ja... hast.

BRIAN: Hast?

BILLY: Sa gau't ik fan harren in skriftlike befêstiging krige ha.

BRIAN: Is it jild dan hjir, of is it dêr, Billy? Of fljocht earsteklas mei Lufthansa nei Dútslân?

BILLY: Ik tink dat it allegear in misbegryp is. Sjoch earst mar ris yn dyn portefeuille...

BRIAN: Justerjûn ha ik om myn portefeuille socht. Ik wit noait wê'r dat ding leit. Der binne twa dingen yn de wrâld dê'r ik noait yn sjoch, Billy. Dat bin myn eigen boeken, omdat ik der gjin emoasjonele bining mear mei ha, en dat is myn portefeuille, wê'r ik noait in emoasjonele bining mei hân **ha**. Ik ha gjin ferstân fan saken, dat witste.

BILLY: Dêr hast my dan ek foar... Net ien hat ferstân fan saken, Brian.

Yn Egypte ha se twahûndert jier wurk hân om de pyramides te bouwen, mar nei fiiftûzen jier bin se noch net ôfbetelle.

BRIAN: Ik hoopje net datst MYN jild dêr yn ynfestearre hast, Billy.

BILLY: It iennige wat ik wol, is datsto rêtstich sliepe kinst, Brian. Dêrom ha wy ien kear yn de trije moanne in gearkomste.

BRIAN: Fjouwer kear yn't jier kom ik by dy op kantoar, wêrst my bedobbest ûnder grafiken, balânsen, kompoeter-útdraaien, maatskips-oerienkomsten, en noch folle mear. En do leist my dan út hoe't it allegear wurket, in ferhaal ôfmakke mei in finansjeel jargon wê'r sels De Bank fan Ingelân gjin brea fan iten hat, en atsto dan seist "begrypst de situaasje?" dan sis ik "Ja", want it iennige wat ik begrepen ha is de fraach "begrypst de situaasje?"... Ik begryp der gjin moer fan... ik **ha** it noait begrepen en ik **sil** it noait begripe. Ik **wol** it ek net begripe, en al soe ik it begripe, dan soe ik de pest oan my sels ha om dat ik it be-griep... It bin myn saken ferdomme net. It bin **dyn** saken. Myn saken bin beheind ta it skriuwen fan boeken. Dyn saken bin myn saken te behertigjen en der in bloeiende ûndernimming fan te meitsjen wê'r wy **beide** profyt fan ha kinne... It is myn plicht dy te fertrouwen. Dyn ferant-wurdlikheid is dat fertrouwen wurdich te wêzen... Ergens is in breuk kommen yn dat fertrouwen. En dat is dan ek de reden dat ik no mei in pistoal tsjinoer dy sit. Ik kom hieltyd tichter by it punt fan dyn ûntmaskering en dyn eksekúsje...

BILLY: (*skermet syn holle ôf mei de diplomatekoffer*) Brian. Wy bin mear as tweintich jier freonen west. Betsjut dat dan neat foar dy?

BRIAN: Ik bin hiel bliid mei dy tweintich jier, Billy. It is allinne de lêste oardel dei dy't my dwars sit... Do hast myn jild stellen, net wier?

BILLY: Nee!

BRIAN: Doarst dat te swarren?

BILLY: Ik mei deafalle at ik liich.

BRIAN: Dat is de reden dat God my stjoert.

BILLY: O, hearken, do hast dyn ferstân ferlern.

BRIAN: Nee, DO hast myn ferstân ferlern, en myn jild en myn weardepapieren. Sis ris, Bill, miskien in ûnbelangryk puntsje, mar stoart ik noch hieltyd jild op in leechplundere rekken?

BILLY: Och, wat hat it noch foar sin? Do wolst dochs net nei my harkje. Toe mar. Meitsje der in ein oan. Sjit my mar foar myn kop, atst dêr gelokkich fan wurdst.

BRIAN: It soe my net gelokkich meitsje, mar wol in stik minder spand...
Do hast myn jild stellen, wier of net, Billy?

BILLY: Nee!... Absolut net... ik ha it liend.

BRIAN: OH!... No begryp ik it. It is in liening! Ik kin dus de rekken fan de slachter net betelje omdat ik dy al myn jild liend ha. Ik wist net dat wy sokke dikke freonen wiene, Bill... mar omdatst my net op de hichte brocht hast fan dy liening, is it technysk sein dochs gewoan stellen, netwier?

BILLY: No... atst it sa letterlik en amtlik besjochst wol, ja.

BRIAN: Amtlik? BULLSHIT!!... Do hast it stellen! Wêrom? Ik fertrouwde dy. Wêrom hast it dien?

BILLY: ... Oergeunst, nim ik oan... Ik bin hiel goed yn it behertigjen fan de saaklike belangen fan myn klanten, allinne net yn dy fan my sels, bin'k bang. Ik fertsjinje in heap jild foar myn klanten, en dat is net sa dreech atsto tinkste. It is hiel maklik om it fermogen fan in man dy't tweintich miljoen wurdich is te fergrutsjen. Foar him gean doarren iepen dy't foar oaren ticht bliuwe. It is in elitêr klapke, witste. De riken. Do hoechst dy net as lid oan te melden. Do hoechst gjin referinsjes. Dyn portefeuille is dyn referinsje en biljoenen oan jild wurde dageliks troch de top hinne en wer skood as keningen en keninginnen op in sulveren skaakboerd. En de top ferliest noait... de macht fan rykdom is hiel ferliedlik. It giet der net om watst allegear keapje kinst. It giet der om watst allegear net **hoechst** te keapjen. Do hoechst nammentlik neat mear te bewizen, snapst. En ik rekke yn de ferlieding om te tinken dat der wat fan dy macht oan my tabehearde. Dat ik boppe alle twivel ferheven wie omdat ik de riken yntrodusearje mocht by top. It wie by eintsje beslút myn fertsjinste dat de riken hieltyd riker waarden, dat se har feilich fielden, dat se har in styl fan libjen eigen meitsje koene wêrt de measte minsken net iens fan dreame doarre. En stadichoan begûn ik te tinken dat ik ien fan harren wie. Ik hie it gefoel dat ik dêr rjocht op hie. Ik klaaide my sa't sy diene, gong nei deselde restaurants, noege se út foar de lunch, keas har soarten wyn. Ik begûn boppe myn stân te libjen. In hûs dat my net barre mocht, in pear skilderijen dy't net te beteljen

wiene, in brulloft foar myn dochter wêrt in spektakel as Miss Saigon by yn't neat falt... Doe't ik fiifentweintich jier trouw wie, naam ik sechtjin freonen mei op in Grykske cruise. Dêr bin ik no noch mei oan't ôfbeteljen. De skulden steapelen har op, en út kleare wanhoop die ik wat, wat ik myn klanten noait advisearje soe. Ik yvestearre yn twivelachtige projekten. In toanielstik mei in bekende stjer der yn, dat noait fierder kommen is as Bristol. In film dy't foar in gedeelte finansiere waard troch twa Iraanske broers, dy't har midden yn de opnames samar ynienen werom lutsen, sadat ik en noch wat oaren mei de skuld kamen te sitten. At hjir ek mar wat fan bekend wurde soe, soe ik it fertouwen fan al myn klanten kwyt wêze. Ik moast twa miljoen pûn brûke, en gau, sûnder it risiko dat it útlekke soe... dus liende ik fan myn klanten sunder dat se it wisten, en mei de bedoeling alles oait in kear werom te beteljen. Ik sil alles goed meitsje, Brian. Dat swar ik dy. Ik ha dy besoademitere en dat is net te ferjaan. Alles wat ik no fan dy freegje is tsien dagen. Jou my tsien dagen de tiid om dy elke sint werom te beteljen. At it my dan net slagge is, meist my oanjaan. Ik sis it earlik: de skamte en de skande sille slimmer foar my wêze dan in kûgel troch de kop. (*stilte, dan sjocht Billy op nei Brian, wachtsjend op in antwurd*)

BRIAN: Tsja... oer dilemma's sprutsen... Mar witst wat echt sear docht, Billy? Echt sear?... Datst my net útnoege hast op dy Grykske cruise.

BILLY: Do soest dy te pletter ferfeeld ha. It bin dyn soarte minsken net.

BRIAN: Nee, ik bin mear it soarte dat betellet foar har fakânsjes, of net?... Sil ik dy ris wat sizze?... Ik nim dat fan dy tweintich jier freonskip werom... ik begin mei werom-wurkjende kracht de pest oan dy te krijen, rotsak.

BILLY: Brian, goede âlde Brian, myn freon. Ik wit net wat ik sizze moat. Ik skamje my djip.

BRIAN: Ja, ik merk it. Len lyts fraachje noch. (*Billy sjocht op*) Hoefolle fan ús hast bestellen?... De helft?... Tsien?... Fiif? Hoefolle fan ús, Billy?

BILLY: ...Allinne fan dy.

BRIAN: Allinne fan my?.. Allinne fan my?.. Net fan har? Net fan de oaren? Net fan dat kloate-elitêre klupke fan dy mei har fersulvere skaakboerd? Allinne fan MY? (*rjocht yn Billy syn gesicht*) Do smoarge, waardelease, glûperige baarch! Ik ha hielendal net in pistoal noadich om dy te fermoardzjen. Ik kin it wol mei in foarke, kloatsek! (*hy grypt de foarke dy't op de fruitskaal tusken it fruit stiet, pakt Billy by de kraach en hâldt de foarke boppe syn holle*) Wêrom IK? Wêrom bin ik de iennichste wêrst fan stellen hast?

BILLY: Omdatsto de iennichste bist dy't gjin fragen stelde! (*Brian is*

ferbjustere. Hy lit Billy los) Witst wêrom at al myn oare klanten sa ryk binne, Brian? Om dat se der goed om tinke. Omdat se fragen stelle. Se hâlde har ôfskriften yn de gaten en at der ek mar ien siferke achter de komma net kloppet lûke se aan de bel. Se hâlde it each op har jild as in Ijip op syn nêst. Do witst net iens wer't dyn nêst is. Twa moanne lang ha ik elk aai datst leist ûnder dyn kont wei stellen. Do smeek-test my hast om dy te besoademiterjen, witst dat? De grutte skriuwer dy't fan út syn ivoaren toer delsjoch op jildsaken. Der bin twa noadich om te stellen, Brian. Ien om te jaan en ien om te nimmen.

BRIAN: (*sjocht him oan*) Ha ik noch **wat** oer?

BILLY: ...Nee.

BRIAN: Sels net in lyts bankboekje ergens? Wat datst oer de kop sjoen hast?

BILLY: Nee. Ik ha alles nommen.

BRIAN: Alles? Alle twa miljoen hûndert-tûzen pûn?

BILLY: Twa miljoen seishûndert en tolvetûzen pûn. Do wist net iens hoefolle atst hiest, of wol? Myn pakesizzer fan fjouwer hie dy bestelle kinnen en do soest it net iens yn de gaten ha.

BRIAN: Do bist seker al begûn mei syn oplieding, netwier? Mar goed, wy bin it tiidstip fan dyn dea al foarby. (*hy pakt it pistoal, grypt Billy wer by de kraach*)

BILLY: Tinksto datst hjir mei fuort komst? De piccolo hat dy sjoen. De assistint manager hat dy achter my stean sjoen doe't ik har myn creditkaart joech.

BRIAN: Ik besykje nergens mei fuort te kommen, Billy. Ik ha gjin jild, gjin foarûtsichten, gjin talint. Ik bin al sa goed as dea.

BILLY: Atst my in kâns joust, soargje ik der foar datsto dyn jild werom krijst. Lit my dy útlize.

BRIAN: Hoe tinkst dat dan oan te pakken?

BILLY: Yn Buenos Aires. Dêr soe ik hinne. Ik wie dêr mei in grutte deal dwaande. In ferskriklik ryk sakeman yn Argentinie is fan doel foar ienenfyftich prosint eigener te wurden fan in projekt fan ien fan myn klanten. Mar hy wol net ferkeapje. Syn partners woene wol ferkeapje en fregen my om te bemiddelen. Da ha'k dien. Ik ha him der fan oertsjûgje kinnen dat it in goede set wêze soe om te ferkeapjen. Dochs moatte der noch wat lytse probleemkes oplost wurde. Dat moat persoanlik. Gjin telefoan, gjin faks. Wy moatte elkoar yn de eagen sjen kinne. Dêrom ha se my nei Buenos Aires stjoerd. At dit slagget bin ik aansen twa miljoen riker. Dat is in mega deal, Brian, de bêste deal dy't ik ooit makke ha. Ik kin dy in grut deel fan dyn jild werombetelje... Jou my dy kâns, Brian, doch it foar ús allebeide.

BRIAN: (*tinkt nei*) Hast dyn ticket by dy?

BILLY: Ja.

BRIAN: Lit ris sjen. (*Billy hellet it út syn bûse en jout it him. Brian besjocht it kaarstje*) Dit is in inkelde reis Argentinie.

BILLY: Ja. Dêr ha ik in goede reden foar. Menear De Gatto, sa hyt dy Argentijn, bea my oan, dat as de deal trochgong, mei te gean mei syn privee-fleantúch nei Londen, wêrt ik dan myn saaklike partners moetsje koe. De reden dat ik dus gjin retoer-ticket kocht ha, is it absolute fertrouwen yn dizze deal. Sûnder dat fertrouwen soe ik net iens gean.

BRIAN: Aha... dat belooft noch al wat, sis...

BILLY: Mear dan dat, Brian. Ik wit seker dat it slagget.

BRIAN: Hmm... der sit my noch ien lyts dinkje dwars.

BILLY: Wat dan, Brian?

BRIAN: Ik leau der gjin wurd fan. Menear De Gatto is dyn kapper. Dat sil de earste namme west ha dy't dy yn't sin kaam. At se dy al twa miljoen jouwe, dan is dit in deal fan hûnderten miljoenen. Wêrom soene se DY dan stjoere, Billy? Se soene earder in hiel bataljon bedriuwsjuristen stjoere... ik wit miskien neat fan saken, mar ik wit wannear't in ferhaal net goed ynelkoar sit. (*grypt Billy wer by de kraach*)

BILLY: (*falt op syn knibbels*) Ik swar op it libben fan myn hiele famylje, it is echt wier!

BRIAN: Ik sil dy sizze wêrom at ik dy net leau. Doe't menear Shepherd tsjin my sei dat myn rekken opheft wie, gong der in alarmbeltsje ôf yn myn holle. Dus fan'e moarn, om sân oere hinne, bin ik nei dyn prachtige hûs rideń en ha myn auto in ein fierderop delsetten. Om kertier oer njoggenen kaamsto mei dyn diplomatekofferke nei bûten. Dyn vrou, Margaret, stie yn de doar en rôp datst net te let foar it iten komme moast omdat de Forsters jûn op besite komme soene. Dat wie wol in hiele frjemde tekst foar in vrou dy't har man útswaaid omdat er nei Argentinie giet... of do moatst it fansels hielendal net tsjin Margaret sein ha... Ik bin dy yn Londen folge. Do gongst de Bank fan Kanada yn en kaamst der tweintich minuten letter wer út mei in diplomatekofferke dat wat swierder like... Doe bin ik dyn auto folge nei it fleanfjild fan Heathrow. Do checktest yn by Britisch Airways, twadde klasse, en lietst dyn koffers labelje. Se bin no tink ik al healwei it Evita Peron Hotel. En doe bin ik foar't Ijocht kommen en bist yn'e kunde kommen mei de loop fan myn pistoal yn'e rêch. Dus ôfsjoen fan "Don't Cry For Me, Argentina", hasto fierder noch wat ta te heakjen aan dit ferhaal? (*Bill giet sitten, ferslein. Oan'e ein fan syn Latyn*)

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via
www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.



info@toneeluitgeverijvink.nl



072 5112407



“Samenspelen” is ons motto